

Provinsjale Steaten fan Fryslân
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 26 maart 2024
Ferstjoerd, **26 MAART 2024**

Ús merkteken : 02207320
Domein/ Team : Leefberens
Opsteld troch :  (058) 292 59 25
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : 1

Ûnderwerp : nije prognoazes befolking en húshâldens 2023-2050

Achte Steateleden,

Graach bringe wy jimme op 'e hichte fan ús nagelnije prognoazes foar de befolking en húshâldens yn Fryslân foar it tiidrek 2023-2050.

Belang fan prognoazes

Wy meitsje alle jierren prognoazes buorkundich dy't as grûnslach tsjinje foar de beliedsútfiering. Dizze sifers wurde tapast foar beslútfoarming oer ûnderskate maatskiplike tema's, lykas ekonomy, mobiliteit, leefberens en wenjen. Sûnt foarich jier hawwe wy besletten om de prognoazes alle jierren te aktualisearjen sadat wy de regionale wendeals en de migraasje goed geregeldwei hifkje kinne. Mei it útbringen fan it rapport 'Gematigde Groei' fan de Staatscommissie Demografische Ontwikkelingen 2050 ein jannewaris hawwe de langetermyngefolgen fan de demografyske ûntwikkelings mear omtinken krigen. De twa wichtichste demografyske ûntwikkelings dêr't Nederlân no en yn de takomst mei te krijen hawwe sil, binne migraasje en (dûbelde) fergrizing. Nederlân wurdt grizer, drokker en mingder. De steatskommisje advisearret om in 'gematigde' groei as winske senario oan te hâlden, soks fergiet nammentlik myld yngripen fan de oerheid: de ekonomy kin draaiende hâlden wurde en de druk op de foarsjennings is te ferhapstikjen.

Befolkings en húshâldensûntwikkeling yn Fryslân

De foarlizzende prognoazes ûnderstreekje dat ek Fryslân de kommende tiid te krijen hat mei in 'gematigde' groei fan de befolking. It oantal ynwenners yn Fryslân sil neffens ús prognoazes noch groeie mei sa'n 19.000 persoanen oant 2043 (2,8%), dêrnei wurdt in strukturele ôfnimming fan de populaasje ferwachte. Us nagelnije prognoazes lizze heger as de prognoazes 2022-20250, soks hat û.o. te krijen mei hegere migraasjeferwachtings en

ferbetterings yn it rekkenmodel.

Yn 2023 is de befolking neffens it Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS) tanommen mei 2.450 persoanen (foarriedich sifer). De natuerlike oanwaaks lei op -1.337 en it migraasjesaldo op 3.472. Sûnder migraasje soe de populaasje yn Fryslân ôfnommen wêze. Lykwols, de befolkingsgroei is minder grut as yn 2022, doe't Fryslân - mei as gefolch fan de de ekstra yntream oan Oekraynske minsken - de grutste groei ea koe mei hast 6.000 persoanen sûnt it begjin fan de statystyk. Wy geane fierders út fan in foarriedige groei fan 2.350 ekstra húshâldens yn 2023.

Op regionaal nivo binne de ferwachtings ferskillend as it giet om it omslachpunt fan groei fan it oantal ynwenners nei krimp. Foar de regio Ljouwert liket soks pas fan 2050 ôf fan tapassing te wêzen, wylst dit foar Noardwest- en Súdwest-Fryslân al tusken 2035 en 2040 ferwachte wurdt. Foar de Waadeilannen wurdt no al in ôfname ferwachte fan it oantal ynwenners, wylst Súdeast-Fryslân en Noardeast-Fryslân tusken 2040 en 2045 mei it omslachpunt te krijen hawwe sille. De grutste groei sit yn de leeftiidsgroep 65 jier en âlder. Fryslân sil de kommende tiid bot fergriizje mei in tanimming fan hast 150.000 no nei 195.000 âlderen yn 2040. De oare leeftiidsgroepen sakje wat omfang oanbelanget of sille stabilisearje rjochting 2040. As gefolch fan it lytser wurden fan de omfang fan húshâldens, de saneamde 'gezinsverduunning', sil it oantal húshâldens tanimme fan 302.000 yn 2023 oant likernôch 327.000 yn 2040 (+ 8,3%). Dêrnei flakket de húshâldensgroei ôf, ek al sil dit yn de ûnderskate Fryske regio's net gelyk wêze.

Wêr binne de nije prognoazesifers te finen?

De aktuele prognoazesifers ferwurkje wy yn de 'Staat van Fryslân' op ús webside. Fierders hawwe wy de factsheet 'Friese bevolkingsprognose 2023-2050' aktualisearre dy't ek op ús webside stiet. Dêrneist jout wy de nije prognoazesifers troch oan Planbureau Fryslân. Foar de gemeentlike sifers op it mêd fan befolkingsoantal, húshâldenssoantal en foar de Fryske wendeals ferwize wy graach nei de taheakke fan dizze brief.

Wy tidigje derop jimme sa goed ynformearre te hawwen.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

oarsitter

sekretaris

Tabel 1 - Befolkingsoantal op 1 jannewaris 2024

		2023	2025	2030	2035	2040	2045	2050
Gemeente	Achtkarspelen	28.132	28.133	28.159	28.150	28.064	27.842	27.517
Gemeente	Ameland	3.840	3.778	3.632	3.567	3.368	3.256	3.177
Gemeente	Dantumadiel	19.173	19.076	18.990	18.865	18.671	18.378	18.011
Gemeente	De Fryske Marren	51.872	51.852	52.179	52.448	52.479	52.218	51.709
Gemeente	Harlingen	16.050	16.094	16.298	16.427	16.460	16.403	16.320
Gemeente	Heerenveen	51.501	51.784	52.707	53.671	54.421	54.864	55.120
Gemeente	Leeuwarden	126.884	128.605	131.261	133.866	136.120	137.873	139.234
Gemeente	Noardeast-Fryslân	45.769	45.830	46.223	46.596	46.845	46.872	46.689
Gemeente	Ooststellingwerf	25.742	25.760	25.879	25.988	25.944	25.735	25.410
Gemeente	Opsterland	29.908	29.931	30.113	30.278	30.292	30.089	29.762
Gemeente	Schiermonnikoog	975	969	951	925	897	879	864
Gemeente	Smallingerland	56.108	56.350	56.486	56.521	56.334	55.860	55.179
Gemeente	Súdwest-Fryslân	90.747	90.244	90.682	90.960	90.833	90.227	89.247
Gemeente	Terschelling	4.760	4.706	4.549	4.371	4.195	4.066	3.992
Gemeente	Tytsjerksteradiel	32.416	32.629	33.193	33.859	34.496	35.005	35.454
Gemeente	Vleeland	1.293	1.267	1.245	1.231	1.236	1.242	1.249
Gemeente	Waadhoeke	46.521	46.702	47.151	47.580	47.740	47.639	47.402
Gemeente	Weststellingwerf	26.427	26.552	27.178	27.769	28.237	28.545	28.736
Regio	Gem. Leeuwarden	126.884	128.605	131.261	133.866	136.120	137.873	139.234
Regio	Noordwest Fryslân	62.571	62.796	63.449	64.007	64.200	64.042	63.722
Regio	Noordoost Fryslân	125.490	125.668	126.565	127.470	128.076	128.097	127.671
Regio	Zuidwest Fryslân	142.619	142.096	142.861	143.408	143.312	142.445	140.956
Regio	Zuidoost Fryslân	189.682	190.377	192.343	194.227	195.228	195.093	194.207
Regio	Waddeneilanden	10.858	10.720	10.377	10.024	9.696	9.443	9.282
Provincie	Fryslân	658.104	660.262	666.856	673.002	676.632	676.993	675.072

Tabel 2 - Húshâldensoantal op 1 jannewaris 2024

		2023	2025	2030	2035	2040	2045	2050
Gemeente	Achtkarspelen	12.028	12.170	12.591	12.833	12.902	12.923	12.603
Gemeente	Ameland	1.847	1.853	1.874	1.827	1.767	1.665	1.620
Gemeente	Dantumadiel	8.017	8.030	8.307	8.415	8.425	8.360	8.230
Gemeente	De Fryske Marren	22.524	22.757	23.581	24.063	24.164	24.057	23.930
Gemeente	Harlingen	7.774	7.860	8.167	8.326	8.393	8.401	8.467
Gemeente	Heerenveen	23.571	24.217	25.261	25.843	26.239	26.574	26.847
Gemeente	Leeuwarden	65.289	66.792	69.191	70.971	72.362	73.489	74.635
Gemeente	Noardeast-Fryslân	20.008	20.387	21.171	21.743	22.126	22.242	22.294
Gemeente	Ooststellingwerf	11.550	11.724	12.072	12.289	12.340	12.291	12.202
Gemeente	Opsterland	12.779	12.876	13.282	13.623	13.758	13.656	13.481
Gemeente	Schiermonnikoog	563	590	604	597	590	594	582
Gemeente	Smallingerland	25.377	25.643	26.164	26.351	26.388	26.224	26.094
Gemeente	Súdwest-Fryslân	40.944	41.198	42.574	43.270	43.289	43.092	42.838
Gemeente	Terschelling	2.574	2.639	2.674	2.600	2.531	2.453	2.397
Gemeente	Tytsjerksteradiel	13.802	14.063	14.614	15.043	15.280	15.602	15.899
Gemeente	Vleeland	768	772	773	760	752	753	758
Gemeente	Waadhoeke	20.725	20.981	21.745	22.215	22.472	22.463	22.518
Gemeente	Weststellingwerf	11.656	11.780	12.273	12.720	13.014	13.257	13.398
Regio	Gem. Leeuwarden	65.289	66.792	69.191	70.971	72.362	73.489	74.635
Regio	Noordwest Fryslân	28.499	28.861	29.912	30.541	30.865	30.864	30.985
Regio	Noordoost Fryslân	53.855	54.650	56.683	58.034	58.733	59.127	59.226
Regio	Zuidwest Fryslân	63.468	63.955	66.155	67.333	67.453	67.149	66.768
Regio	Zuidoost Fryslân	84.933	86.240	89.052	90.826	91.739	92.002	92.022
Regio	Waddeneilanden	5.752	5.854	5.925	5.784	5.640	5.485	5.357
Provincie	Fryslân	301.796	306.352	316.918	323.489	326.792	328.116	328.993

Tabel 3 - Befolking en húshâldens yn perioade Wendeals

		Bevolking			Húshoudens		
		2022	2031	2022-2031	2022	2031	2022-2031
Gemeente	Achtkarspelen	27.954	28.158	204	11.913	12.672	759
Gemeente	Ameland	3.757	3.603	-154	1.758	1.864	106
Gemeente	Dantumadiel	18.957	18.969	12	7.906	8.322	416
Gemeente	De Fryske Marren	51.597	52.242	645	22.358	23.691	1.333
Gemeente	Harlingen	15.904	16.329	425	7.651	8.223	572
Gemeente	Heerenveen	51.119	52.906	1.787	23.292	25.389	2.097
Gemeente	Leeuwarden	125.504	131.798	6.294	64.472	69.588	5.116
Gemeente	Noardeast-Fryslân	45.593	46.304	711	19.816	21.306	1.490
Gemeente	Ooststellingwerf	25.680	25.903	223	11.463	12.161	698
Gemeente	Opsterland	29.791	30.151	360	12.669	13.339	670
Gemeente	Schiermonnikoog	944	945	1	534	596	62
Gemeente	Smallingeland	55.895	56.484	589	25.176	26.204	1.028
Gemeente	Súdwest-Fryslân	90.300	90.758	458	40.537	42.794	2.257
Gemeente	Terschelling	4.960	4.513	-447	2.618	2.662	44
Gemeente	Tytsjerksteradiel	32.282	33.323	1.041	13.708	14.721	1.013
Gemeente	Vlieland	1.195	1.241	46	701	767	66
Gemeente	Wadhoeke	46.309	47.246	937	20.558	21.826	1.268
Gemeente	Weststellingwerf	26.278	27.302	1.024	11.579	12.387	808
Regio	Gem. Leeuwarden	125.504	131.798	6.294	64.472	69.588	5.116
Regio	Noordwest Fryslân	62.213	63.575	1.362	28.209	30.049	1.840
Regio	Noordoost Fryslân	124.786	126.754	1.968	53.343	57.021	3.678
Regio	Zuidwest Fryslân	141.897	143.000	1.103	62.895	66.485	3.590
Regio	Zuidoost Fryslân	188.763	192.746	3.983	84.179	89.480	5.301
Regio	Waddeneilanden	10.856	10.302	-554	5.611	5.889	278
Provincie	Fryslân	664.019	668.176	14.156	298.709	318.512	19.803